

Fryske Krite Hoarn

“Troch de Tael Forboun”

Y N H A L D maart 2017

Oan ús kriteleden.....	2
Ferlotting en tagongsprizen.....	4
Ledeberjochten.....	5
Slange 50 jier ponghâlder.....	6
Fytse foar 250 euro.....	7
Útnoeging foar 25 maart 2017	8
Wedstriid datums Skûtsjesilen 2017	10
Ús nije bestjoerslid Harmke Burggraaff- Adema.....	11
Boekferkeap yn Hoarn	13
De wurklist winterskoft 2016-2017	14
Wurklist fan susterkritten	14
Frysk folksliet (“De âlde Friezen”).....	15
Bestjoer Fryske Krite Hoarn	16

Kvk. Nummer: 5324 1274

Rabobank rekken: NL54 RABO 0162 2705 77

Lid fan It Frysk Boun om Utens

www.fryskbutenfryslan.nl

Fryske Krite Hoarn “Troch de Tael Forboun”

1911 105 2016
Jier

Oan ús kriteleden

It is twa maart as ik dit stikje sit te skriuwen. Neffens Piet Paulusma is de maitiid juster begûn. Mar it is roet kâld en de rein falt by bakken út de loft.

De hurde wyn rûzet om it hûs en de wolken driuwe yn al harren pracht wyld troch it himelrom. As dan jûns de sinne noch efkes troch de wolken kipet, kin men genietsje fan it sinneread, dat efter de kime sakket. Prachtich is dat. Men hoecht der net foar nei fiere lannen om fan de natuer te genietsjen.

Wy sjogge wer út nei de maitiid om der wer ris op út te kinnen. Mar earst kinne wy fyftjin maart noch efkes te stimmen. We sjogge deis en foaral jûns in hiele parade fan politike pommeranten foarby gean op de televyzje, radio en de kranten. De iene is noch better as de oare. It oanbod mei al dy politike partijen is hast net te oersjen. Achtentweintich steane der op. Mar der binne noch folle mear. We sille ris sjen wat der fan al dy goede foarnimmens klear makke wurd. Polityk is in fak apart.

Op 17 febrewaris hienen wy ús lytse jûn.

Dit kear waard it in West Friese jûn. Ek dit dialekt hat syn eigen bekoaring mei wurden dy’t wy net thús bringe kinne (foarbiid: wai gane wat aars

doene). De lytse leskes dy't wy meitsje moasten, joegen hiel wat ferdivedaasje en in protte wille. Wy wenje allegearre al jierren yn dizze omjouwing mei dy eigene West Friese eigenskippen. En sa as wy ús Frysk graach bewarje wolle, sa wolle de West Friezen ek harren dialekt bewarje. It wie in slagge jûn.

No geane wy alwer nei ús lêste grutte jûn fan dit winterskoft ta. 25 maart komme "Sânman & Sikke" by ús mei harren sketskes en moaie lieten.

It bestjoer hopet op in moaie folle seal.

Ús kritelid Anjo Boonstra soarget foarôf mei gesellige muzyk en wy kinne dan wer ús Fryske lietsjes mei sjonge. Kriteleden dy't , om hokfoar reden der op 25 maart net by wêze kinne, in goede maitiid en sinnige simmer tawinske.

Ik hoopje eltsenien wer te moetsjen, earst op 25 maart en oars yn septimber op ús jiergearkomste. In fleurige groet foar allegearre,

Foarsitter, Tiny Dijkstra-de Vries

Maert

Bron: Sljucht en Rjucht, 27 maart 1897

't Minskdóm is fôrkâlden

Troch al dy rein en wyn,

De bernsjes en de âlden,

Hja hoopje op sinneskyn.

O, sinne! wol dan komme

En tsjoen ús skrouskens wei,

Lit ús net mear forklomme,

Forkwik ús dei op dei.

Ferlotting en tagongsprizen

Lidmaatskip en tagongsprizen:

It lidmaatskip foar ien persoan is 10 euro foar in hiel jier (It krite jier rint fan juny oant ein maaie). Op de grutte jûnen is de tagongspriis foar leden 2,50 euro en foar **net leden 7,50 euro** mar de lytse jûn is fergees. Opjefte foar it lidmaatskip kinne jo dwaan by de ponghâlder de hear P. Slange

De sealpriis op de grutte jûnen:

Jo kinne dizze sealpriis winne as jo yn 'e seal sitte op ien fan ús grutte jûnen. By de yngong krije jo in nûmer dat kâns jout op dizze sealpriis.

De ferlotting yn it skoft:

Yn it skoft fan de grutte jûnen wurdt der in ferlotting hâlden. De prizen bestean meastentiids út in blomke, oranjekoeke, fleske wyn of oare aardichheden. Jo kinne yn it skoft lotten keapje foar 5 euro en dan krije jo 10 lotsjes fan elk 50 eurosint it stik. Altyd priis by de keap fan 10 lotsjes.

Autoferfier: Leden dy't yn Hoarn, Blokker en Zwaag wenje en autoferfier nedich ha, kinne kontakt opnimme mei ús skriuwer de hear Vogel (till. 234012).

Lief en Leed

Lief en leed berjochten kinne jimme trochjaan oan: Tine Bouman-Westra, A. van Beierenstraat 80, 1718XK Hoogwoud. Till.nr. 0226-353385

Ledeberjochten

Op 19 jannewaris 2017 ferstoar ús trou kriteid frou

Jennie Gankema – de Boer

Op de roubrief stie de folgende tekst:

*Het laatste beetje is nu op
Veel was er te verduren
Het kaarsje is thans opgebrand
Gedoofd zijn alle vuren*

Jennie Gankema – de Boer is berne te Ljouwert op 6 desimber 1952.

It bestjoer en kriteleden winsket harren dochter Jeannette en skoansoan Johan in protte sterkte ta by it ferwurkjen fan it ferlies fan harren mem.

Koartlyn is ferstoarn ús trou kriteid de hear

K. Hannema

Hannema is jierrenlang lid west fan ús krite. Hy wenne yn de wyk Grote Waal fan Hoarn. Op de Waterman 151 hat hy jierren wenne.

In gemis is der foar de neibesteanden en freonen fan Hannema en it bestjoer en kriteleden winsket harren in protte sterkte ta.

Slange 50 jier ponghâlder

Popke Slange hat 50 jier ponghâlder fan de krite Hoarn west. Sa'n prestaasje is net niks. Op de krite jûn fan jannewaris hawwe de foarsitter en de leden Popke lokwinske mei syn jubileum.

Foarsitter Tiny Dijkstra neamt sa in oantal saken op wat Popke yn dizze jierren dien hat foar de krite. Hy is de ponghâlder mar soarget ek noch foar de leden administraasje. Popke ûnderhaldt de kontakten mei de sponsers fan ús krite. Hy kin eltsenien fan de leden en in protte minsken fan de oare kriteren en Popke is faaks ek it gesicht fan de krite Hoarn nei bûten ta. Mar ek it krite krantsje wurd troch Popke regele en faaks ek nochris rûn brocht bûten Hoarn. Troch waar en wyn jierrenlang op de fyts giet hy der op út. Út namme fan de krite hat Popke in moai oantinken krigen. Mar syn frou Sjoerdsje Slange-Postma wurd ek net ferjitten en die kriget in moai bosk blommen. In grut applaus kriget hy fan de oanwêzigen yn 'e seal en de foarsitter winsket harren beiden alle goeds ta foar de takomst.



Foarsitter Tiny
Dijkstra
lokwinsket
Popke Slange

Fytse foar 250 euro

Rabo Fyts sponsertocht




De Fryske Krite Hoarn docht ek dit jier wer mei oan de fyts sponsertocht organisearre troch de Rabobank West-Friesland.

De tocht is op sneon 10 juni 2017.

De krite kriget 250 euro fan de Rabobank as der 8 minsken fytse.

Der binne al in pear minsken dy 't harren oanmelden ha. Wa wol noch mei fytse? Foar mear ynformaasje kinne jo terjochte by Jetske Leenstra-de Groot.



Útnoeging foar 25 maart 2017

It bestjoer fan de Krite Hoarn noeget al har leden, sibben en kunde út foar har grutte jûn op 25 maart 2017 om 20.00 oere yn 'e Huesmolen te Hoarn foar in optreden fan it ensemble:

'Sânman & Sikke'



De fokale manljusgroep Sâman & Sikke is ûntstien yn 1994 yn Warkum en nimt mei syn gearstalling en muzykkar in hiel eigen plak yn it Fryske muzyklibben yn. De groep stiet fan it begjin ôf ûnder lieding fan Siebren Kramer. Sâman & Sikke mei dan op lichte muzyk oriïntearde wêze, ek klassike eleminten wurde net mijd, wêrtroch't de groep lestich yn in hokje te pleatsen is. Yn de rin fan de jierren binne 5 cd's opnommen, dy't yn eigen behear útbrocht binne.

It repertoire kin sûnder mis breed neamd wurde; it grut ferskaat oan stilen, fan barbershop oant Beatles en fan gospel oant Westcoast, soarget derfoar dat it publyk him net in tel ferfele hoecht. Ek de eigen Frysktalige nûmers en de ynformele, relativearjende presintaasje drage yn wichtige mate by oan de identiteit en de útstrieling fan de groep. Ut de reaksjes tidens optredens yn de provinsje (mar ek dêrbûten) yn doarpshuzen, tsjerkjes en teaters, hat wol bliken dien dat de sound fan Sânman & Sikke by in breed publyk yn de smaak falt. Sânman & Sikke is út en troch ek te gast by ien fan de Fryske Kriten, dy't oer it hiele lân ferspraat binne..

Foar mear ynformaasje en lúster foarbylden, sjoch op: www.sanmanensikke.nl



De muzyk op dizze jûn wurd fersoarge troch ús kritelid de heer Anjo Boonstra.

Wedstriid datums Skûtsjesilen 2017

72^e editie **SKS Skûtsjesilen** op de Friese Wateren



Wedstriiddata 2017

- 05 aug. Grou
- 07 aug. De Veenhoop
- 08 aug. Earnewâld
- 09 aug. Terherne
- 10 aug. Langweer
- 11 aug. Elahuizen
- 12 aug. Stavoren
- 14 aug. Woudsend
- 16 aug. Lemmer 1
- 17 aug. Lemmer 2
- 18 aug. Sneek

www.skutsjesilen.nl

Wedstriidsjellen in optima forma



Cultureel spektakel



Van dichtbij te beleven



Ús nije bestjoerslid Harmke Burggraaff- Adema

As nij bestjoerslid sil ik my efkes foarstelle. Ik bin berne yn 'e Tynje as tredde dochter fan in lytse boer. Ik ha dêr ek de legere skoalle trochrûn, doe noch fan 6 oant 12 jier. In kristlike beukerskoalle wie der noch net yn ús doarp, dus doe't ik 6 jier wie, gie ik foar it earst nei skoalle. Op 'e fyts fansels en ynienen Hollânsks prate, wat in feroaring! Mar ik mocht graach leare en lêze koe ik al in bytsje, dat ik hie it dêr wol nei 't sin. Dêrnei gie ik nei de HBS yn it Hearrenfean, in hiele stap foar de dochter fan in lytse boer en mannichien fûn, dat ús heit it wol wat heech yn 'e kop hie. Mar hy fûn, dat wy sa folle mooglik leare moasten en 5 jier letter hie ik myn diploma. Ús mem wie doe al ferstoarn.

Om't ik talen en reizgjen tige moai fûn, gie ik dêrnei nei de Toeristyske Skoalle yn Breda. Op keamers fansels en dy moast ik sels mar sykje, fûn ús heit. Dat slagge bêst en oardel jier letter hie ik ek dat diploma yn 'e bûse. Doe werom nei Fryslân en wurk sykje. It duorre efkes, mar doe koe ik by reisbureau Lissone Lindeman oan 'e slach. Ik learde dêr in hiel soad oer alle manearen fan reizgjen en stalde treinreizen en fleanreizen gear en ferkocht komplette fakânsjereizen. Doe't Lissone Lindeman oergie yn Holland International koe ik oan it wurk by reisbureau Van der Meulen yn Drachten, wêr't ik noch wat selsstanniger wurkje koe.

Yn dy tiid troude ik mei Paul Burggraaff en in pear jier letter krigen wy in dochter en dat betsjutte doe noch it ein fan myn wurk. Lokkich fregen hja my nei in jier oft ik wer 2 dagen yn 'e wike oan it wurk woe. Graach fansels en de buorfrou soarge foar ús dochter, want oare opfang wie der noch net.

Yn dy tiid learde ik by de Afûk Frysk lêzen en skriuwen en letter ha ik ek de Fryske akte en it didaktysk foech helle. Ik ha doe in winterskoft les jûn oan Hollanners, dy't Frysk leare woenen. It winterskoft dêrnei waard ús soan berne, dat doe kaam der neat mear fan lesjaan.

Twa jier letter ferhúzen wy nei Hoarn yn ferbân mei Paul syn wurk en wie it foar my net mooglik in paslike baan te finen. Ik die alderhanne frijwilligerswurk en kaam, doe't de bern grut genôch wiene om allinne thús te bliuwen, wer oan it wurk by Fortis Bank. Dy gie letter oer yn ABNAMRO bank en troch alderhanne reorganisaasjes bin ik dêr ferline jier myn baan kwytrekke. Sadwaande ha ik no alle tiid om my yn te setten foar de Fryske Krite, al moat ik wolris op ús beppesizzer fan hast in jier passe.

Groetnis fan Harmke Burggraaff-Adema



Boekferkeap yn Hoarn

Op 25 maart komt ien fan de sintrale boekferkeapers fan it Frysk Buon om Utens (FBoU) del op 'e kritejûn yn Hoarn. Fan te foaren, yn it skoft en nei ôfrin fan it programma kinne jo by de boeketafel del en sjen oft der wat tusken leit fan jo gading. Der binne boeken, DVD's, CD's en lústerboeken te krijen. In soad produkten kinne wy oanbiede mei in moaie koarting, sa kinne jo in moaie slach slaan en keapje in moai presintsje.

Wolle jo ris sjen hokker boeken der allegearre te krijen binne, sjoch dan op de side fan it FBoU (www.fryskbutenfryslan.frl) ûnder Sintrale Boekferkeap. Dêr fine jo in list mei ús foarried. Wy kinne net alle boeken meinimme. Dat hawwe jo in spesifyk boek (of DVD) dy't jo graach besjen wolle op de kritejûn, stjoer ús dan in e-mailsje mei dat fersyk; dit om teleurstellingen foar te kommen.

Bestelle of reservearjen fan in produkt kin fia de e-mail op fryskeboeketafel@gmail.com.

Jo kinne allinnich mei kontant jild ôfrekkenje, dus gean foarôf efkes by in pin automaat del as jo allinnich in pas by jo hawwe.

Golle groetnis,
Jelma Wieggersma (06-19506520)
Jan Roelants (06-50224305)

De wurklist winterskoft 2016-2017

25 maart 2017: 3e grutte jûn: mei muzyk
fan Sânman & Sikke

22 septimber 2017: Jiergearkomste

*Omtinken
In blomke docht safolle
In stryk troch it hier noch mear
Dy waarme hân op it skouder
Dat wurdsje flústerjend by it ear.*

*Wa sil der oan ûntkomme
Oan soargen en oan noed?
Hâld dêrom yn dyn tinzen:
In bytsje leafde
Docht dy oare al sa goed.*

Wurklist fan susterkrite

- Krite Haarlim “Gysbert Japicx”

Lokaasje: Stedelijk Gymnasium, Jacobijnestraat 2,
2011 TH Haarlim.

11 maart 2017: jiergearkomste en dernei:
De Troubadours Gjalt de Jong en
Paul Siemensma

Frysk folksliet (“De âlde Friezen”)



Frysk bloed tsjoch op! wol no ris brûze en siede.
En bûnzje troch ús ieren om!
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde.
It Fryske lân fol eare en rom.
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,
Wêz jimmer op dy âlders great!
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme,
In grien, in krêftich bloeijend leat!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!
Klink dan en daverje fier yn it rûn.
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Bestjoer Fryske Krite Hoarn

Foarsitter: Tiny Dijkstra-de Vries
Schoener 3,
1771 EA Wieringerwerf
Till.: 0227 501050
e-mail: ak.dijkstra@quicknet.nl

2e Foarsitter: Douwe Hoekstra
Tinnegieter 1,
1625 AN Hoorn
Till.: 0229 211749
e-mail: ddhoekstra@quicknet.nl

Ponghâlder¹ en
lede-administraasje: V. Dedemstraat 4, 1624 NN Hoorn
Till.: 0229 234881
e-mail: pslange@icloud.com

Skriuwer: Jan Vogel
Yellowlaan 4, 1695 HV Blokker
Till.: 0229 234012
e-mail: yellowbirds53@gmail.com

Oare bestjoersleden:

Jetske Leenstra-de Groot Dorpsstraat 293, 1689 GE Zwaag Till.: 0229 263735 e-mail: jetskeleenstra@me.com	Renske Nauta-Haagsma Dr. CJK van Aalstweg 19, 1625 NV Hoorn Till.: 0229 237267 e-mail: nautahaagsma@hetnet.nl	Harmke Burggraaff-Adema Rijweg 45, 1689 WX Zwaag Till.: 0229 238284 e-mail: harmke.burggraaff@quicknet.nl
--	--	---

Eareleden: De hear Popke Slange
De hear Eppie Kloezen

Lief en leed: Tine Bouman-Westra, A. van Beierenstraat
80, 1718XK Hoogwoud. Till.nr. 0226-353385

¹ Bank: NL54 RABO 0162 2705 77 Fryske Krite Hoarn